

## Lêzing Bert Looper oer de skiednis fan de identiteit van Koudum

Foar sa'n fjirtich taharkers yn de húskeamer fan doarpshûs De Klink joech âld-direkteur fan Tresoar Bert Looper tongersdeitejûn 30 maart in nijsgjirrige lêzing oer de identiteit fan Koudum yn it ljocht fan de skiednis fan Fryslân. Utgongspunt fan syn lêzing wie de fraach: hoe sjogge Koudumers sels eins nei harren eigen doarp en hoe fertelle se it ferhaal fan it doarp nei bûten ta? Want krekt 'it ferhaal fan Koudum' wie de sprekker net sa dúdlik. Hy hie it bygelyks net fûn doe't er de middeis in kuier troch Koudum makke hie.

Foar hy mei it ferhaal fan Koudum úteinsette, stelde Looper ek noch de fraach: wêrom soe men him eigentlik dwaande hâlde mei de skiednis fan it doarp? Dêrby gie Looper fan himsels út, hy woe as jonkje fan 11 jier al argivaris wurde en dus net piloat of brânwacht. Ek fertelde hy fan mominten dat hy ynsjoch krige yn it belang fan skiednis, bygelyks troch it lêzen fan de earste wurden yn it ferneamde skiednisboek *Herfstij der Middeleeuwen* fan Johan Huizinga: "Toen de wereld vijf eeuwen jonger was". Wy sjogge meast nei it ferline as âld en âlder, mar dat ferline is feitlik krekt jonger! Doe kaam it besef dat wy yn in tradysje steane. It ferline, sa sei Looper, is essinsjeel foar de manier wêrop wy yn it libben steane.

Ek foar doarpen, bygelyks Koudum, is de fraach: 'Wêr stean wy no, wat nimme wy mei út it ferline, wat wolle wy meinimme en wêr giet dat allegear hinne?' Dêrút folget de fraach: 'Wat is de identiteit fan Koudum?' Net ûnbelangryk hjiry is dat de identiteit yn de rin fan 'e tiid feroarje kin, wylst Koudum dochs Koudum bliuwt. Soksoarte bespegelingen binne neffens Looper belangryk om net hingjen te bliuwen yn de keale feiten. Wat dogge wy mei dy feiten, wat foar betsjutting jouwe wy deroan en hoe wolle wy mei mekoar en mei dit doarp fierder? En hoe is de identiteit fan Koudum foarme yn de gruttere kontekst fan Fryslân?

Doe demonstrearre Looper oan 'e hân fan aansichtkaarten de feroaring fan hoe't Koudum sels yn de tweintichste iuw it doarp presintearre hat oan bûtensteanders. Sa litte aansichtkaarten fan Koudum fan 1910 oant 1960 in idyllysk doarpke midden yn it lânskip sjen. Wetter is hast net te finen op dy aansichtkaarten. Dat idyllyske begûn om 1960 hinne te feroarjen en de *Encyclopedie van Friesland* (1957) toande him net optimistysk oer de gemeente Hemelumer Oldeferd dêr't Koudum it haadplak fan wie. Looper sitearre út dy ensyklopedy: "Toerisme is van geringe omvang. (. . .) De wegen zijn niet berekend op zwaar verkeer. Dit en de excentrische ligging maken voorshands een nieuwe ontwikkeling niet eenvoudig."

Yn dat opsicht wie ek in aansichtkaart nijsgjirrich út de tiid dat de gemeentlike weryndieling sa'n bytsje spile: 'Groeten uit Koudum' mei op de kaart it bejaardentehûs en it gemeentehûs. Dêrmei liet Koudum sjen dat it in sintrumplak wie mei belangrike foarsjennings. Mar yn 'e santiger jierren feroaret de manier wêrop Koudum himsels op aansichtkaarten presintearre. Lykas yn hiel Nederlân komt ek hjir it toerisme op en fan 1970 ôf sjochst aansichtkaarten fan Koudum mei in soad wettersport derop. En it is, sa sei Looper, moai om te sjen hoe't bygelyks it wat statige imago fan Koudum feroaret yn dat fan in wettersportdoarp.

Al dy aansichtkaarten mei 'Groeten uit Koudum' op in rychje binne sinjalen fan ûntwikkelingen fan de identiteit dy't Koudum útstriele hat. Om dat in kader te jaan joech Looper doe yn haadlinen in oersicht fan de skiednis fan Fryslân om dan dêrnei Koudum yn dat Fryske ferhaal te pleatsen. De Romeinen brûkten as earsten de term Frisia, mar as begjinpunt fan de Fryske identiteit nimt Looper leaver it jiertal 1200, om't doe de foarming fan de Fryske identiteit sa'n bytsje begûn. En net ûnbelangryk foar Koudum ek, de ynfloed fan de Sudersee is dêryn essinsjeel. It wie de jongste see fan Europa, ûntstien yn 'e alfde iuw.

Om dy tiid hinne waard ek de macht fan de greven fêstige en de greven fan Hollân woene dy macht ek yn Fryslân dúdlik meitsje, mar doe lei der ynienen in see tusken Hollân en Fryslân en sa bleaunen de Friezen frij: de Fryske Frijheid, frij fan sintraal gesach. De Friezen wiene har bewust fan de útsûnderingsposysje dy't se yn Europa hiene en dat foarme mei de taal en it rjochtssysteem de identiteit fan Fryslân oant en mei de 15e iuw. Dy Fryske identiteit is fêstlein yn ferhalen, leginden, myten.

De twadde faze fan de Fryske identiteit begjint yn de sechtsjinde iuw. Troch alderlei feroaringen yn Europa kaam Fryslân earst yn hannen van Albrecht fan Saksen en letter yn Spaanske hannen. Doe wie it yn ien kear dien mei de Fryske Frijheid. Ek fûnen alderlei moderniseringen plak op juridysk, bestjoerlik en ekonomysk gebiet. By it ûntstien fan de Republiek der Zeven Verenigde Nederlanden ein 16e iuw naam Fryslân neist Hollân in bysûnder plak yn. Yn de kringloophannel tusken de Eastsee en de Noardsee waard de súdwesthoeke fan Fryslân oan 'e Sudersee belangryk. Dêrneist wie Fryslân yn dy tiid in wittenskiplik sintrum mei de Universiteit fan Frjentsjer dy't in Europeesk yntellektueel sintrum wie.

Ein 18e/begjin 19e iuw hâldt dat allegear mei de komst fan Napoleon op en yn de 19e iuw is Fryslân in provinsje fan Nederlân. Mei it machtssintrum yn Den Haach wurdt alles dêromhinne in bytsje periphery. Mar dan ûntdekt Fryslân wer syn eigen skiednis, de midsiuwen, de taal, it âlde rjocht, en dan bouwe de Friezen harren eigen identiteit wer op. Dy identiteit bestiet dan út de taal, de agraryske idylle en tradysjes wurde útfûn (fierljeppe, sûkerbôle, bearenburch). De taal kriget om 1900 hinne in grutte ympuls en besykje de Friezen alles wat Frysk is safolle mooglik ôf te setten tsjin de Hollanners – mar ek tsjin de Grinzers – oer.

Eigentlich, sa sei Looper, libje wy no noch mei dy tradysjes fan de 19e iuw, al liket de fjirde faze fan de Fryske identiteit no ek begûn. Kulturele haadstêd, ynternasionalisearring, Europa en meartalichheid spylje dêr in rol yn. Mar de fraach is fansels: hoe pleatse we Koudum yn dit hiele ferhaal en is de skiednis fan Koudum no ek bepaald troch de hjirboppe sketste ûntwikkelingen? Dy fraach beäntwurde de sprekker ûnder oare mei help fan doetiidske lânkaarten, te begjinnen mei de tolfde iuw, nei it ûntstean fan de Sudersee.

Op dy kaarten leit bygelyks de súdwesthoeke net oan 'e râne fan Fryslân, mar is dêrfan it middelpunt. Koudum lei mei Starum en Hylpen as in eilân yn in wettergebiet dat de Sudersee, Noardsee en Eastsee bestruts. "Koudum", sa sei Looper, "lei eigentlich yn it sintrum fan alles wat der op dat stuit yn Noardwest-Europa barde. De Sudersee wie it skarnier tusken de Noardsee- en de Eastseehannel. Looper sei sokke kaarten graach sjen te litten om de minsken dúdlik te meitsjen: "Hee, wy binne net Koudum, dat doarpke dêr oan de râne fan Fryslân, mar wy binne Koudum (Hylpen en Starum) midden yn de dynamyk fan de Noardwest-Europeeske ekonomy fan de 12e, 13 en 14e iuw."

Yn de 16e iuw komt alles op syn kop yn de Nederlannen, ek yn Fryslân. Dêrby frege Looper him ôf hoe 't it dochs kaam dat Koudum yn 1586 troch de Spaanske troepen plondere is, wylst dat by de measte oare doarpen net barde. Mooglik hie dat te meitsje mei de strategyske posysje fan Koudum, tocht er. De foarsitter fan Histoarysk Koudum, Jan de Vries, folle doe oan dat soks ek wolris te meitsje hawwe koe mei de kalvinistyske Galama's dy't dizze kriten yn besit hiene.

Ek lei der foar Looper noch de fraach hoe't it komt dat de menisten yn de 16e iuw sa'n grutte rol – ûnder oare ek yn de skipfeart - spile hawwen yn de súdwesthoeke en Koudum. Mooglik mei troch de ûndernimmende menisten wie Koudum yn de ynternasjonale skipfeart noch oant de 16e iuw belangryk. Jan de Vries wiisde der op dat de measte ûndernimmende famyljes yn de skipfeart fan Starum, Hylpen en Koudum mei elkoar ferbûn wie. Dat bewiisde nochris dúdlik, sa sei Looper, dat de strategyske posysje fan de súdwesthoeke oant djip yn de 17e iuw duorre hat.

“Koudum hat altyd in belangryk plak ynnommen yn de skiednis fan de Republyk, hannelsrelaasjes ensafuorhinne, mar dus ek yn de religieuze skiednis (menisten) en bygelyks wettersteatkunde (Slieperdyk, oerstreamings 18e-19e iuw). As je dêr by stil steane, dan is it hast net te leauwen hoe’t it ferhaal fan Fryslân, op in protte plakken sels it ferhaal fan Nederlân, sichtber is yn Koudum.”

Opmerklik fûn Looper dan ek doe’t er dwaande wie mei syn ferhaal oer Koudum: “As je de skiednis fan Koudum behannelje, dan kinst dêrmei ek it hiele ferhaal fan Fryslân en dat fan Nederlân fertelle.”

Pas yn de tredde faze fan de Fryske identiteit feroaret de posysje fan Koudum. It liket paradoksaal, mar Koudum rekket min of mear yn in isolemint as yn de 19e iuw de diken en spoardiken oanlein wurde, sadat it ferfoer oer wetter minder belangryk wurdt. Ek de marren om Koudum hinne wurde ynpoldere en dan leit Koudum net mear direkt oan farwetter.

Lettere kaarten fan Fryslân toane it foar ús bekende byld mei Ljouwert as sintrum fan de provinsje en dan hinget de súdwesthoeke mei Koudum der in bytsje by. Troch moderniseringen yn Nederlân en Fryslân fan 1850 ôf ferliest Koudum syn dynamyske plak yn de noardelike ekonomy. Troch de grutte drûchmakkerijen yn de 19e iuw – Tresoar hat tal fan manuskriptkaarten dêrfan – feroare Koudum fan in doarp fan skipfearders yn in agrarysk doarp. En rillegau waard dat útwreide en waard Koudum ek in plak mei ynstellingen en in kader fan leararen en amtners. Looper fernuvere him der in bytsje oer hoe hurd as dy feroaring fan identiteit fan Koudum doe plak fûn hat.

It hiele gebiet om Koudum hinne hie yn de 17e iuw sa’n 10.000 ynwenners en dat wie twa iuwen letter noch krekt itselde. Der wie stilstân en it wie net gek dat de Encyclopedie van Friesland net folle takomst seach yn dit gea. Dat feroare pas om 1970 hinne mei de komst fan it toerisme en de wettersport. Doe like Koudum wer ta libben te kommen en dat wie foar Looper in ‘eye-opener’, sa’t syn hiele ferhaal foar de measte taharkers ek in ‘eye-opener’ wie.

No’t we yn de fjirde faze fan de Fryske identiteit sitte – fan taal en skiednis nei beleving en mei feroaring fan lânskip, natuer ensafuorhinne – soe neffens Looper Koudum dêryn wer in strategysk plak ynnimme kinne. Fraach dêrby is bygelyks of Koudum mear de Gaasterlânske kant út moat of mear de wetterkant. Of moat Koudum him mear ferbine mei Hylpen of wat dan ek? Wat wurdt de takomstige ûntwikkeling, sjoen de yngrediïnten dy’t yn dizze lêzing nei foaren kommen binne?

Mar op dizze jûn koene ek de Koudumers dy’t by de lêzing fan Bert Looper oanwêzich wiene net samar in antwurd jaan op de fraach hoe’t it no fierder moat. Faaks slagget it wol, sa woe Bert Looper hawwe, om it ferhaal fan Koudum, sa as hy dat yn syn lêzing in grutte linen sketste, ek sichtber te meitsjen yn it doarp. Mar dêr is Histoarysk Koudum mei dwaande.

